

Tekst: Emma van de Wetering (Saxion, Deventer)
Oersetter: Houkje Rijpstra (Direkteur Circulair Friesland)
Einredakteur: Janny Bottema

Hap foar hap

Gwens eagen fleagen oer de klasse. Heaven en Daniella sieten neist har, mei de oare fammen út it groepke achter harren. Op it digiboerd stie it Jeugdsjoernal oan, lykas altyd ûnder it tsienoere-skoft. Master Tristan siet by de kompjûter en holp Aden mei it iepen draaien fan har beker. Gwens mage rommele. De oare bern hiene allegearre it bôletrompke iepen dien en in slok nommen fan wat der ek mar yn harren bekens of fleskes siet. Se setten de toskens yn de ynhâld fan it bôletrompke.

Sels hie se in apel foar har lizzen. In apel en in fleske wetter. De apel wie grien, krekt wat ljochter fan kleur as it gers. Se fûn it wol moai. Ek de struktuer fan de apel wie net ferfelend. Der leine noch wat dripkens op de skyl, fan it wetter dêr't se him mei skjinmakke hie. Se pakte it stik fruit op en liet har finger oer de glêde skyl gliedzje. Se hoegde him allinnich noch mar fêst te hâlden. Fêsthâlde wie net sa slim. Se seach wer foar har dêr't de presintator fan it Jeugdsjoernal wat stie te fertellen. Echt sjen en hearre wêr't it oer gie die se net, har tinzen wiene earne oars.

Juster, doe't se thús kaam, wie se foar de spegel stean gongen. In pear bern út in klasse heger hiene har dik neamd. Alwer. Dat hiene se wol faker dien. Doe't se dêr stie, foar de spegel, hie se it ek sjoen. Se wie dik. Net sa dik as de minsken op 'e televyzje, op TLC, dêr't se wolris mei har mem nei seach, mar wol dikker as har freondinnen. Dêrnei hie se ûnder de televyzje oansetten, mar se koe no net mear betinke wêr't se nei sjoen hie. Se hie oan de wurden fan de oare bern tocht. In aaklik gefoel hie se dêr fan krigen. In gefoel dat net fuort woe. Yn har holle hearde se hieltyd dat it wier wie wat dy bern sein hiene. Se wie dik, se hie it ommers sels yn 'e spegel sjoen. Mem gong nei de sportskoalle. Doe wie se allinnich thús. Even hie se twifele, mar al gau wie se nei de friezer ta rûn. Se wist dat dêr iis yn lei. Dat hie se ommers juster mei mem helle. Se hie de bak derút pakt, in leppel út 'e keuken helle, wie delploft op 'e bank en begûn te iten. De foarige kear hie it holpen om te iten. Doe hie se har efkes better field. Oant de oare moarns. Krekt as dizze kear.

Op it stuit dat se fannemoarn har eagen iepen dien hie, hie se har min field. Se hie justerjûn de hiele bak iis leech iten. Se hie har kompjûter pakt en oansetten

om mei har oare freondinnen te praten. De freondinnen dy't har begripe koene, om't sy ek dik wiene. Dy ieten ek wolris in bak iis leech, of soms noch mear. Se hiene ôfpraat dat se it elkoar altyd fertelle soene as dat gebeurde, want dan koene se elkoar dêrnei helpe. Se hiene in metoade betocht dat, as je safolle iten hiene, je dêrnei in tal dagen net iten moasten.

It wurke. Dat wist Gwen. Se hie it al faker dien en doe wie se net groeid. Sels in bytsje ôffallen. Oant se har wer min fielde en wer tefolle begûn te iten. Hjoed soe se eins ek neat ite moatte, sa woe it systeem. Se seach wer nei de apel yn har hannen. Har bleke fingers stutsen dúdlik ôf tsjin it grien fan de apel. Se woe wol ite. Se hie honger en der wie wat yn har dat sei dat it net goed wie om net te iten. Mar as se no wól ite soe, soe se dik bliuwe. Gwen suchte en fielde hoe't har kiel ticht knypte, wylst de triennen omheech krûpten. Gau seach se nei Heaven. Heaven wist dat Gwen sa no en dan neat iet en se wie it der hielendal net mei iens. Foarsichtich lake se nei har freondin en seach nei it famke oan har oare kant. Daniëlla wist it ek. Sy hie Gwen de webside trochjûn dêr't se har ynternetfreondinnen op fûn hie. Daniëlla besocht har te helpen om ôf te fallen. Dan praten se ôf om te sizzen dat se by de oare thús al iten hiene, wylst se eins hielendal neat hân hiene. Gwen biet op har lippe. Heaven wie har bêste freondinne... En it fielde hielendal net goed om neat te iten... Se liet de apel wer troch har hannen gliedzje. Ien apel. Se soe ien apel ite. Dat wie net sa hiele slim, toch? Se brocht de griene frucht nei har mûle en naam in hapke. Ien, twa, trije, fjouwer, se telde hoe faak se kôge. Hoe faker se kôge, hoe better. Dat hie se lêzen. Je moasten faak kôgje. Noch in hapke. Ien, twa, trije... It Jeugdsjoernal wie dien. Se hie no twa happen fan har apel nommen. Om har hinne rommen de oare bern it iten op om dêrnei nei bûten ta te gean. Ek har eigen freondinnen wiene al klear.

Master Tristan skodde syn holle: "Ite en sjen kin tagelyk, Gwen. Gau opite, dan kinst ek nei bûten ta." Dêrnei rûn ek hy it lokaal út, sadat se allinnich oer wie. Ien apel. Se hie harsels beloofd om him op te iten. Har kiel siet ticht en har mage fielde fol. As soe se spuie moatte, mar se soe him opite. Se naam noch in hapke en kôge. En noch ien en noch ien. Op dat stuit fielde se in trien by har wang del rinnen, mar se sette troch. Hap foar hap en goed kôgje oant der allinnich noch in klokhús foar har op 'e tafel lei. Se glimke. Op. Klear. Mear hoegde se net te iten. Se gong stean, smiet de rest fan de apel yn 'e bak en rûn nei bûten ta.

